

Liturgy

Biddei foar gewaaks en wurk
Woansdei 12 maart 2025
Sint Janstsjerke Deinum



<i>Foargonger:</i>	<i>Ds. Jurjen Hilverda</i>
<i>Oargelist:</i>	<i>Lucas Wiersema</i>
<i>Lektor:</i>	<i>Thom Miedema</i>

Oargelmuzyk foarôf

Wolkom en meidielings

(We gear stean)

Psalm 65 : 1,5 'No riist in liet fol lof, o Heare'

GROET

f. *Genede en frede mei jim jûn wurde fan God ús Heit
en fan Jezus Kristus, de Hear.*

g. Amen

BEMOEDIGING

f. *Ús helper is de Heare*

g. dy't himel en ierde makke hat

GEBED FAN NEIERKOMMEN

(We gear sitten)

Liet 995 'O Heit, nim Jo it lot jo nei'

~ DE HILLIGE SKRIFT ~

GROET

f. *De HEARsil by jim wêze*

g. De HEARsil jo bewarje

GEBED

Psalmliêzing 111 *(lektor)*

Lof oan de ferlosser

¹Halleluja.

Ik tankje de Heare mei it hiele hert

yn 'e rûnte fan 'e frommen en yn 'e gearkomste.

²Grut binne de dieden fan 'e Heare;

dy't dêr bliid mei binne, hawwe der ûnderfining fan.

³Ferheven en hearlik is syn dwaan

en syn gerjochtichheid bestiet foar ivich.

4Mei syn wûnders hat Er namme makke;
goedgeunstich en barmhertich is de Heare.
5Dy't ûntsach foar Him hienen, hat Er iten jûn
en altyd tinkt Er oan syn ferbûn.
6Hy hat it folk syn machtsdieden fiele litten,
doe't Er har it erfskip fan 'e heidenen joech.
7Wier en rjocht binne de wurken fan syn hannen,
betroud binne al syn oarderingen,
8foar ivich en altyd steane se fêst,
yn trou en oprjochtens moatte se dien wurde.
9Syn folk hat Er ferlossing beskikt,
syn ferbûn har foar ivich oplein;
syn namme is hillich en ûntsachlik.
10Untsach foar de Heare is it begjin fan 'e wysheid
en al wa't dat hat, sjocht it goed.
Syn lof sil ivich bestean.

Liet 982 'Yn'e blombol sit it krookje'

Evangeeljelêzing Lucas 11,1-13 (*lektor*)

It bidden

1Hy wie ris earne yn gebed. Nei ôfrin frege ien fan syn learlingen Him: Hear, wolle Jb ús bidden leare, lykas ek Jbhannes it syn learlingen leard hat?
2Doe sei Er tsjin harren: As jimme bidde, sis dan:
Heit, lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme.
3Jb ús alle dagen ús deistich brea.
4En ferjou ús ús sûnden,
want wy ferjouwe ek in elk dy't by ús yn 'e skuld stiet.
En lit ús net yn fersiking komme.
5Hy sei tsjin harren: Stel, ien fan jimme hat in freon en dy komt midden yn 'e nacht by him oan 'e doar en seit: Freon, lien my trije breaën, 6want in freon fan my is op trochreis by my oankommen en ik haw neat om him foar te setten. 7En dat de man út 'e hûs wei antwurdet: Lit my mei rêst, de doar is al op 'e skoattel, de bern en ik lizze al; ik kin der net ôf komme om dy dat te jaan. 8Ik sis jimme: As er al net fan 't bêd komt om him it brea te jaan, omdat it in freon fan him is, dan docht er it wol, om't dy oare sa oanhâldt, op it ûnfatsoenlike ôf, en hy sil him alles jaan, dêr't er ferlet fan hat.

⁹Sa sis Ik jimme: Freegje, en jimme sil jûn wurde. Sykje en jimme sille fine. Klopje en de doar sil foar jim iependien wurde. ¹⁰Want elk dy't freget, kriget, elk dy't siket, fynt en foar elk dy't kloppet, wurdt iependien. ¹¹Is der soms ûnder jimme in heit, dy't as syn soan om in fisk freget, him ynpleats in slange jout? ¹²Of as er om in aai freget, him in skorpioen jout? ¹³As jimme no al, sa ferkeard as jim binne, jimme bern goede dingen witte te jaan, hoefolste mear sil dan de himelske Heit hillige Geast jaan oan dy't der Him om freegje.

Liet 339a (akklamaasje) 'Jb komt de lof ta'

PREDIKING

Oargelspul

Liet 910 'Bytiden as wy sjonge'

~ GEBEDEN EN JEFTEN ~

Ynformaasje oer de kollekte (KIA Werelddiaconaat Kameroen)

GEBEDEN, tankgebed, foarbea, stilte, 'Ús Heit'

Liet 981 'Salang't op ierde minsken binne'

ZEGEN Amen (3x)

Banknummer kerk: Protestantse Gemeente Boksum-Blessum-Deinum

NL88RABO 0119 3579 41

***Banknummer Diaconie Terpoarte:** NL47RABO 0313 2001 81